

De haadpersoan op 'e hûd sitte

F20 12-3-11

Roman

troch Yvonne Dijkstra

By de iene roman stiet it op it omkaft, de oare hjit gewoan fan roman. Dochs kinne se beide ta de histoaryske roman rekene wurde: *Reboelje yn Kollumerlân* fan Rommert Tjeerdsma en *De kjeld fan it Noarden* fan Durk van der Ploeg.

Rommert Tjeerdsma lit yn *Reboelje yn Kollumerlân*, in ferhaal oer de oanrin ta it Kollumer Oproer fan 1797, sjen hoe't it brûken fan in ik-figuer net automatysk betsjut dat jo yn 'e hûd fan sa'n man krûpe. Syn haadpersoan Eabele Keuning is der by as de 'oranjegezinden' ûnder oanfiering fan Jan Binnes it rjochtshûs yn Kollum bestoarmje om in oranjeklant te befrijen. Binnes wurdt letter ûnthâlze.

De kjeld en ferlittenheid fiele je suver út de bledsiden slaan

Tjeerdsma beskriuwt it ferhaal mei in flotte pinne en skriuwt yn in moai soarte fan Frysk dat goed by it ferhaal


'ik wurd oerfallen troch in gevoel fan eangst'. Apart genôch soargje al dy uterings derfoar dat je mar gjin fet op Eabele Keuning krije.

Boppedat wurdt my de eftergrûn fan de haatreleasje mei Jan Binnes net hielendal dúdlik. Wat is der no eins foar slims bard yn de jongesjierren dat Eabele sa'n hekel oan Jan Binnes krigen hat?

Kjeld

Dan Alwin Cupido, de haadpersoan fan *De kjeld fan it Noarden*. Hím sit men daliks op 'e hûd yn in ferhaal dat troch Van der Ploeg ferteld wurdt sa't allinnich hy dat kin. De jonge Alwin Cupido fan it Amelân meunsteret yn 1826 oan op de walfiskfarder fan kommandeur Klaas Hoekstra. It is yn de neidagen fan de walfiskfeart en it is lang net seker oft de reis slagje sil. Alwin en Sytse, de soan fan de kaptein, wurde oansteld om de kok te helpen. Sa reitsje se, faaks ek wol wat twongen troch de omstannichheden, befreone mei elkoar. De kritikasters dy't seine dat dizze reis net troch gean moatten hie, krije úteinlik gelyk. It skip wurdt finaal oan moaten knypt troch kruierend iis.

Ut it oarspronklike lochboek fan Klaas Hoekstra, wêrfan't yn it boek op side njoggen in fragmint sitearre



Durk van der Ploeg: o sa sekuer yn syn beskriuwingen.

Foto: Frans Andringa

leven, hebben wij verloren'. Mei fjouwer sloepen en wat foarried fan in oar skip dat flakby ynferzen leit, begjint de bemanning mei de reis

len en dan wer opdroegje te moatten! It te foar kommen en behanneljen fan befriezingen is dan ek in weromkommend tema yn dit ferhaal.

it boek pas rêstich fuortlizze doe't ik it út hie.

Neist de fraach hoe't it be-teare sil mei de bemanning fan it galjoatskip 'Harlingen', spilet der nammmentlik noch wat. Alwin is it Amelân ûntflechte om oan 'e wraak fan syn heit en syn eigen skamte te ûntkommen. Van der Ploeg wurket dat psychologysk moai út. Stadichoan wurdt dúdlik wat der spile hat, en wêrom't dat sá slim wie dat Alwin net op it eilân bliuwe koe.

Esbjerg

En dan stean ik op in tiisdeite-moarn yn 'e foarjiersfakânsje yn it Søfart- en Fiskerimuseum yn Esbjerg each yn each mei in plaatsje dat sa út *De kjeld fan it noarden* komme kinnen hie. Op in slide sitte trije minsken - poppen fansels -, yn-pakt yn syldoek. It binne trije oerlibjenden dy't harren oer it iis by Grienlân in wei sykje nei de bewenne wrâld en elkoar yn libben hâlde mei inoars lichemswaarmte. Se sille, sa fertelt it ferhaal op 'e byskriften, úteinlik weromkomme yn Denemarken. Ien fan harren, in jonge fan tolve, sil letter noch jierren kommandeur wêze en begroeven wurde op it waad-eilân Rømø, dêr't syn grêfstien noch altyd te sjen is.

i [Reboelje yn Kollumerlân](#). Rommert Tjeerdsma.

troch Yvonne Dijkstra

By de iene roman stiet it op it omkaft, de oare hjit gewoan fan roman. Dochs kinne se beide ta de histoaryske roman rekene wurde: *Reboelje yn Kollumerlân* fan Rommert Tjeerdsma en *De kjeld fan it Noarden* fan Durk van der Ploeg.

Rommert Tjeerdsma lit yn *Reboelje yn Kollumerlân*, in ferhaal oer de oanrin ta it Kollumer Oproer fan 1797, sjen hoe't it brûken fan in ik-figuer net automatysk betsjut dat jo yn 'e hûd fan sa'n man krûpe. Syn haadpersoan Eabele Keuning is der by as de 'oranjegezinden' ûnder oanfiering fan Jan Binnes it rjochtshûs yn Kollum bestoarmje om in oranjeklant te befrijen. Binnes wurdt letter ûnthâlze.

De kjeld en ferlittenheid fiele je suver út de bledsiden slaan

Tjeerdsma beskriuwt it ferhaal mei in flotte pinne en skriuwt yn in moai soarte fan Frysk dat goed by it ferhaal passet. Dochs wol it ferhaal en syn haadpersoan net tichterby komme. Faaks komt dat troch de beskriuwende styl fan Tjeerdsma? De skriuwer lit haadpersoan Eabele oan ien tried wei syn eigen gefoelens beneame: 'fertelde ik grutsk', 'ik bin efkes yn in oare wrâld en der hielendal foar wei' en


'ik wurd oerfallen troch in gefoel fan eangst'. Apart genôch soargje al dy uterings derfoar dat je mar gjin fet op Eabele Keuning krije.

Boppedat wurdt my de eftergrûn fan de haatrealaasje mei Jan Binnes net hielendal dúdlik. Wat is der no eins foar slims bard yn de jongesjierren dat Eabele sa'n hekel oan Jan Binnes krigen hat?

Kjeld

Dan Alwin Cupido, de haadpersoan fan *De kjeld fan it Noarden*. Him sit men daliks op 'e hûd yn in ferhaal dat troch Van der Ploeg ferteld wurdt sa't allinnich hy dat kin. De jonge Alwin Cupido fan it Amelân meunsteret yn 1826 oan op de walfiskfarder fan kommandeur Klaas Hoekstra. It is yn de neidagen fan de walfiskfeart en it is lang net seker oft de reis slagje sil. Alwin en Sytse, de soan fan de kaptein, wurde oansteld om de kok te helpen. Sa reitsje se, faaks ek wol wat twongen troch de omstannichheden, befreone mei elkoar. De kritikasters dy't seine dat dizze reis net troch gean moatten hie, krije úteinlik gelyk. It skip wurdt finaal oan moaten knypt troch kruiend iis.

Ut it oarspronklike lochboek fan Klaas Hoekstra, wêrfan't yn it boek op side njoggen in fragmint sitearre wurdt, wurdt dúdlik hoe hurd oft dat gien wêze moat: '... het schip (ging) zo snel verloren, dat de meesten van het scheepsvolk hun kleren niet zo snel konden bergen. Sommigen wisten iets te redden, maar anderen hadden totaal niets meer (...) alles wat wij op zee hadden, behalve ons



Durk van der Ploeg: o sa sekuer yn syn beskriuwingen.

Foto: Frans Andringa

leven, hebben wij verloren'. Mei fjouwer sloepen en wat foarried fan in oar skip dat flakby ynferzen leit, begjint de bemanning mei de reis oer it iis. Fan dat stuit ôf lit de fraach jin net mear los oft en hœ't de minsken dit ûnminsklik drege avontuer oerlibje sille. De kjeld en ferlittenheid fiele je suver út de bledsiden slaan, fral yn it part dêr't de manlju harren lykme allinnich in wei sykje oer it iis. Dêr yn it wetter te fal-

len en dan wer opdroegje te moatten! It te foar kommen en behanneljen fan befriezinnen is dan ek in weromkommend tema yn dit ferhaal.

Lykas wy wend binne fan de skriuwer, tink bygelyks oan syn roman *Foarby it Boarkumer fjoer*, is Van der Ploeg o sa sekuer yn syn beskriuwingen. As lêzer sitte jo de personaazjes dêrtroch hiel ticht op 'e hûd. De detaillearre beskriuwingen en werhellingsen boeie oan 'e ein: ik koe

it boek pas rêstich fuortlizze doe't ik it út hie.

Neist de fraach hoe't it be-teare sil mei de bemanning fan it galjoatskip 'Harlingen', spilet der nammentlik noch wat. Alwin is it Amelân ûntflechte om oan 'e wraak fan syn heit en syn eigen skamte te ûntkommen. Van der Ploeg wurket dat psychologysk moai út. Stadichoan wurdt dúdlik wat der spile hat, en wêrom't dat sá slim wie dat Alwin net op it eilân bliuwe koe.

Esbjerg

En dan stean ik op in tiisdeite-moarn yn 'e foarjiersfakânsje yn it Sôfart- en Fiskerimuseum yn Esbjerg each yn each mei in plaatsje dat sa út *De kjeld fan it noarden* komme kinnen hie. Op in slide sitte trije minsken - poppen fansels -, ynpakt yn syldoek. It binne trije oerlibjenden dy't harren oer it iis by Grienlân in wei sykje nei de bewenne wrâld en elkoar yn libben hâlde mei inoars lichemswaarmte. Se sille, sa fertelt it ferhaal op 'e byskriften, úteinlik weromkomme yn Denemarken. Ien fan harren, in jonge fan tolve, sil letter noch jierren kommandeur wêze en begroeven wurde op it waadeilân Rømø, dêr't syn grêfstien noch altyd te sjen is.

i *Reboelje yn Kollumerlân*, Rommert Tjeerdsma.

Friese Pers Boekery, 16,50 euro

i *De kjeld fan it Noarden*.

Durk van der Ploeg, Friese Pers Boekery, 22,50 euro

